

Pleitnota boargeraksjegroep Sis Tsiis tsjin Deputearre Steaten fan Fryslân

Harksitting:

Kommisje foar Beswier en berop fan de Provinsje Fryslân, dd. 5 oktober 2017 om 13:30 oere.

Oangeande:

It beswier tsjin a. it beslút dat de provinsje Fryslân oan skoallen in ûntheffing foar ûnderwiis yn it Frysk jaan kin (Beleidsregel voor het verkrijgen van ontheffing voor het vak Fries in het primair en voortgezet onderwijs, Provinciaal Blad, Nû. 3671, 26 juny 2015) en b. it benefierbliuwen yn it grûnfêstjen fan de Fryske taal as in wêzentlik en ferplichte part fan alle foarmen fan it ûnderwiis yn Fryslân.

Boargeraksjegroep Sis Tsiis fertsjintwurdiget yn it beswier dat ûnder hannen is it algemiene belang, fan alle Fryske boargers, fan goed ûnderwiis yn it Frysk.

Achte leden fan de Beswierskriftekommisje,

Skeinen fan it minskerjocht op ûnderwiis yn de memmetaal, dêr giet it hjir om. Wy sille sjen litte hoe't it ûntheffingsbelied der kaam en wêrom't ûntheffing fan it ferplichte fak Frysk ûnrjochtmjittich is, en wy slute ôf mei it pleit om it ûntheffingsbelied yn te lûken.

Tadracht

De ferplichting ta it jaan fan it fak Frysk kaam yn 1980 yn 'e wet. Skoallen yn it leger ûnderwiis jouwe op mar beskieden skaal les yn it Frysk. Wol funksjonearret it Frysk faak as fiertaal op skoalle. Yn 1985 leit de provinsje foar syn beliedsmaatregels om de posysje fan it Frysk te ferbetterjen twa fûnemintele prinsipes fêst: lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk oan it Nederlânsk. Wer in pear jier letter, op 4 july 1989, wurdt de earste bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer ûnderskreaun. Yn 'e konsiderâns dêrfan lizze de provinsje en it ryk harren mienskiplike ferantwurdlikheid en 'soarchplicht' foar it behâld fan it Frysk fêst. It delegearjen fan foech oer de Fryske taal nei de provinsje Fryslân, troch ûnderwiiswetswizigingen, sil lykwols noch 25 jier duorje.

Wilens komme, neist it debat oer de Fryske taal, desintralisaasje fan oerheidstaken en taakstelling oan it ûnderwiis op it aljemint. Yn 1994 bringt it ministearje fan Underwiis saneamde keardoelen yn it basisûnderwiis: kennis, ynsjoch en feardichheden dy't learlingen hawwe moatte as hja fan skoalle ôfgean. Acht jier letter oardielet de kommisje Wijnen dat de feroare maatskippij minder 'moatten' en mear autonomy fan skoallen freget, plus in oanpassing fan 'e keardoelen. Inkeld learstof dy't fan wêzentlik belang is foar de kânsen fan learlingen moat as ferplicht fak yn it kearnpart fan it ûnderwiis sitte. De rêst kin yn it differinsjele part, dat wol sizze, skoallen kinne kieze om it fak al of net te jaan.

De reaksje fan de Onderwijsraad dêrop is in dúdlik útsprekken tsjin opsjonaliteit fan it fak Frysk. As neffens de kommisje Wijnen it Frysk yn it differinsjele part thúsheart én Frysk it iennichste fak yn it differinsjele part is dat ferplicht wurdt yn Fryslân, is dat paradoksaal. Ferplichte fakken

hearre yn it kearnpart en boppedat, seit de Onderwijsraad, jout it Europeeske hânfêst foar minderheidstalen alle reden om it Frysk yn it kearnpart te pleatsen.

Desintralisaasje is in antwurd op temin partisipaasje. De sintralisearre oerheid stiet te fier fan de boarger ôf en dy docht dan net mear mei, de minderheden foarop want dy fiele har net fertsjintwurdige. Legere oerheden soene tichter by de boarger stean, lokale problemen effisjinter oplosse kinne, diversiteit mear garandearje en de partisipaasje opbetterje. De desintralisaasje dy't de kommisje Ladders útstelt yn 2008 hat as doel: "het bereiken van maatschappelijk resultaat ... zorgen dat resultaten worden geboekt én de consequenties nemen as dat niet zo is."

Ladders har desintralisaasjeútsel wurdt op fersyk fan 'e minister fan Ynlânske Saken konkreet útwurke oangeande it Frysk yn it ûnderwiis. Fan dy konkretisearring, troch de stjoergroep Hoekstra yn 2010, is, neffens de provinsje Fryslân, it ûntheffingsbelied it streekrjochte gefolch. De stjoergroep riedt oan om neist de besteande ûntheffingen foar it jaan fan Frysk, foar skoallen yn Fryske regio's dêr't histoarysk gjin Frysk praat wurdt, ek dielûntheffingen yn te stellen, om, sa't de stjoergroep seit, better oan te sluten by de taalsituaasje fan de skoallen. Ek moatte de ûnderwiisdoelen 'draachflak' hawwe by de skoalbestjoeren, want sûnder 'yntrinsike motivaasje' soe der gjin 'foarútgong' yn it ûnderwiis yn it Frysk komme.

It wetsútstel op basis fan de stjoergroep syn oanwizingen komt foar rieplachtsjen op it ynternet. De memoarje fan taljochting seit: "Versterken van de positie van de provincie bij het Friese taal onderwijs kan dan bijdragen aan de kwaliteit van het vak Fries en aan het vergroten van het draagvlak bij de Friese scholen voor het Fries. Daartoe krijgt de provincie Fryslân de bevoegdheid om de kerndoelen voor de Friese taal vast te stellen."

Nei in lobby fan 'e PO-Raad, in sektororganisaasje foar primêr ûnderwiis dy't de belangen fan skoalbestjoeren, ek de Fryske, behertiget op it mêd fan ûnder mear ûnderwiisbelied, passe se it ûntwerp wetsútstel oan. Taheakke wurdt dat de provinsje Fryslân de kearndoelen Frysk krekt fêststelle kin nei't de provinsje oerlein hat mei it Fryske primêr ûnderwiis, dus de lobbyïsten. Neist skriuwen en lêzen wurdt ek it learen om de Fryske taal net te leechachtsjen in kearndoel.

Op 15 july 2014 is de wetswiziging oanbelangjende ûnderwiis yn it Frysk fan krêft. Yn de ûnderwiiswetten stie no: "Gedeputeerde Staten stellen in een beleidsregel criteria vast voor die gedeeltelijke en volledige ontheffing." Dy beliedsregel kaam yn wurking yn juny 2015. Lytse oant grutte dielûntheffingen, 'profilen', folgje in Europeeske oardering fan behearskingsnivo's fan bûtenlânske talen. De kritearia foar it takennen derfan binne it aktuele en it keazen profyl fan de skoalmienskip: it behearskingsnivo fan it Frysk yn 'e skoallen of de gemeente dêr't de skoalmienskip yn stiet en wat it skoalbestjoer tinkt dat it oan Frysk dwaan kin. De dielûntheffing is fjouwer jier jildich. De beliedsregel befettet gjin middel dat skoalmienskippen twingt om mear oan it Frysk te dwaan en nei fjouwer jier in minder grutte ûntheffing oan te freegjen.

De beliedsregel komt net yn de media. Op in stuit is der in webside dy't skoalbestjoeren helpt by it oanfreegjen fan in ûntheffing en dy't it ûntheffingsbelied it 'Taalplan' neamt. De Fryske Akademy/Mercator, Ried fan de Fryske Beweging, Europeesk Buro foar Lytse Talen, noch de folksfertsjintwurdiging stelle fragen oer de ûntheffingen. Ein 2016 foarmje in hânfol ûntrêstige boargers de aksjegroep Sis Tsiis dy't in súksesfol strjitprotest tsjin de beliedsregel hâldt, om't dy stridich is mei de minskerjochten. Deputearre Steaten neame de aksje 'stipe foar syn taalbelied'. Yn febrewaris 2017 ferklearret de deputearre fan Underwiis dat hja wol tinke wol oer oanbieden

fan goed ûnderwiis yn it Frysk, en op dy manier de minskerjochten erkenne, mits it folk it wol. Sis Tsiis tsjinnet in formeel beswier yn tsjin it ûntheffingsbelied.

Probleem

De wetjouwer hat de útlis fan it wetlik foarskrift fan hiele en dielûntheffingen yn de praktyk oerlitten oan it bestjoersorgaan mei it foech, sadat dy wetsynterpretearjende beliedsregels fêststelle kin. It nut dêrfan is jild en tiid besparjen en temjitte kommen oan it gelikensbegjinsel, trochdat in standertôfweaging makke wurdt. Ek kinne se makliker foldwaan oan de motivearringsplicht as in ûntheffing jûn wurdt, troch nei de beliedsregel te wizen. Dêrneist foarmje beliedsregels in stjoeringsmeganisme. Skoallen dy't in ûntheffing hawwe wolle sille war dwaan om oan 'e betingsten te foldwaan; mei de 'Taalplan'-websiteside trúnt it provinsjebestjoer dêr ekstra ta oan. Mar beswier meitsje by in provinsjebestjoer tsjin hoe't hja de wet útfiere, betsjut bestjoersrjochterlike ôfhanneling. Dêr stean noch de wet, noch beliedsregels iepen foar beswier of berop. Mei it bestjoersrjocht komt Sis Tsiis ynhâldlik net fierder.

Dat seit ek it ferwarskrift fan Deputearre Steaten: it beswier is net ûntfanklik, it kin net ynhâldlik behannele wurde. Earst it beslút. Sis Tsiis makket, sa giet it ferwarskrift, wol beswier tsjin in beslút dat foar beswier fetber is, nammentlik de ûnderwiiswetten, mar it is de ryksoerheid dy't dy besluten nommen hat. Dat it beswier moat yn De Haach yntsjinne wurde, net by de provinsje. Dêrneist is benofterbliuwen yn it soargjen foar goed ûnderwiis yn it Frysk gjin beslút, jo kinne dêrtsjin dus gjin beswier meitsje. Twad, it ynstellen fan in beliedsregel, dêr kin Sis Tsiis ek gjin beswier tsjin meitsje. De wet draacht nammentlik op om in beliedsregel fêst te stellen foar it jaan fan folsleine ûntheffingen en dielûntheffingen oan skoallen. Dêrby, sizze Deputearre Steaten, kin binnen it bestjoersrjocht hielendal gjin beswier makke wurde tsjin beliedsregels op harsels. Wa't skea ferwachtet fan de tapassing fan in beliedsregel, en dat docht Sis Tsiis, dy moat him keare ta de boargerlike rjochter en dêr de beliedsregel oanfjochtsje.

Lykwols kin ek binnen it bestjoersrjocht in beliedsregel altyd hifke wurde. In beliedsregel kin altyd hifke wurde oan it belied: is it belied reedlik sjoen de beliedsdoelen en de feiten op dit stuit? De beliedsregel kin folslein hifke wurde oan de wet: de beliedsregel mei net yn striid wêze mei de ynhâld fan 'e wet op it primêr ûnderwiis de wet op it fuortset ûnderwiis. Ek kin de beliedsregel altyd hifke wurde oan 'e begjinsels fan behoarlik bestjoer.

Boppedat is rjochtmjittich net itselde as rjochtfearnich: yn oerienstimming mei rjochtregele betsjut net perfoarst dat it earlik is. Meiferantwurdlikens foar it ûnderwiis yn it Frysk makket dat Deputearre Steaten it útoefenjen fan harren bestjoersfoech oangeande it útfieren fan de wet net inkeld mar sjen kinne as in burokratyske taak mei it each op in doeltreffende organisaasje. Deputearre Steaten kinne har net frijprate fan in moreel antwurd op in morele kwestje.

Bining oan belied biedt in garânsje foar konsistint oerheidsbestjoer en beskermet tsjin eigenwille. It belied neffens de beliedsbrieff en it útfieringsplan is: "in bern [bedoeld sil wêze *alle* bern] komt yn syn hiele skoaltiid ... yn oanrekking mei it Frysk (yn in trochrinnende learrûte)" en "Wy fiere in ûntheffingsbelied ... rjochte op it úteinlik heljen fan sa folle mooglik keardoelen Frysk (groeimodel)." De beliedsregel reservearret lykwols it 'groeimodel' foar guon skoallen of skoalmienskippen, mei betingsten dêr't skoallen gjin kontrôle oer ha, troch bygelyks krimp/fusy of gemeentlike ûntfrysing: "In de scholen die gevestigd zijn binnen het Friese taalgebied, en

waar het Fries een dagelijkse omgangstaal is, wordt gestreefd naar een groeimodel, in scholen in die gebieden hoeft bij voorkeur niet iedere vier jaar opnieuw dezelfde ontheffing te worden verleend.” De beliedsregel is sadwaande net in ûnderdiel fan it belied om elts bern syn hiele skoallibben lang Frysk te jaan; it is dêr stridich mei, it is net stjoerend en it belied is ynkonstint.

Behalven dat de beliedsregel dus net de rjochtswissens foar skoallen en âlden biedt dy’t neffens de memoarje fan taljochting de *raison d’être* wie foar de beliedsregel, skriuwt de wet allinne foar *dat* der ûntheffingen der komme moatte en *hoe*. De wet swijt oer de ynhâld fan de dielûntheffingen. Mar foar safier’t de wet derop rjochte wie om it probleem fan nasjonale minderheidsbern mei ûngelikense taalbehearsking yn ’e erfskiptaal en yn ’e dominante mearderheidstaal oan te pakken, gie foar dy oanpak de stjoergroep Hoekstra út fan de trochsneed taalbehearsking fan de *learling* en jout dêr kleare ynstruksjes foar. Lykwols giet de provinsje út fan de taal praat op *skoalle* en yn de regio dêr’t de skoalle stiet: “Het is voor het invullen van het formulier niet nodig dat de scholen een aanvullend onderzoek doen naar de taalachtergrond van de kinderen.” Ek fiert de provinsje de wet net út nei de letter fan de memoarje fan taljochting, om’t de belangen fan de âlden net ôfwage binne by it meitsjen fan de beliedsregel.

Dat de beliedsregel net doelmjittich is, en dêrom it begjinsel fan behoarlik bestjoer skeint, is evident troch it doel fan it desintralisearre foech. Dat is net, sa’t Ladders sei, “het bereiken van maatschappelijk resultaat ... zorgen dat resultaten worden geboekt én de consequenties nemen as dat niet zo is” mar dat “scholen gemakkelijker aan de kerndoelen Fries kunnen voldoen.” Net doelmjittich is ek it iensidich negatyf tapassen fan de beliedsregel. *Alle* skoallen wurde oantrune om in ûntheffing oan te freegjen. Al santich persint fan de basisskoallen hat in dielûntheffing krigen. De beliedsregel befettet op dit stuit gjin ynstrumint dat garandearret dat de ûntheffingen tydlik binne en dat de skoalbestjoeren twingt om tenei mear oan it Frysk te dwaan. Fernijen fan ’e beliedsregel kin, mar dat skeint de eask fan dúdlikheid nei de boarger.

Reedlik belied is altyd in ferbining fan kennis en politykideologysk hanneljen. Hoe kompleks oft reedlikheid dêrtroch ek wêze kin, in pear aspekten fan belied en beliedsregel binne dúdlik stridich mei in sekuer meiweagjen fan belangen en yn striid mei it ûnskreaune rjocht. Sa binne yn de beliedsregel en yn al it rapportearjen oer it ûntheffingsbelied *skoallen* it beliedssubjekt, net learlingen; it belied is der foar de skoalbestjoeren en net foar de bern en har âlden. Sa is it grûnwetlike útgongspunt fan lykweardigens fan it Frysk oan it Nederlânsk ferlitten en allyska it prinsipe fan de Nederlânske ûnderwiiswetten dat it Frysk in rykstaal is en in minderheidstaal, en as sadanich in earste taal. It ramt foar beliedsregel is de Europeeske taalbehearskingsnoarm foar *twadde* of *bûtenlânske* talen. Sa wie de Onderwijsraad op opsjonaliteit tsjin, lykas it hânfêstkomitee yn 2004, want keardoelen op winsk fan skoalbestjoeren bemantelje it ûnderwiisdoel. Nei’t it hânfêstkomitee fan 2001 oant 2012 warskôge: “continue to strengthen the teaching of and in Frisian at all levels of education”, heakke it dêr yn 2016 oant ta: “in order to improve the level of literacy in the language.”

Foardering

Wy ferdigenje ús tsjin in eksistinsjele bedriging. Gewoanlik definiearje se dat as in risiko foar it fuortbestean. Mar wy fiele wy dat in krekttere definysje fan de eksistinsjele aard fan ’e driging wiist op ’e belutsenens fan in groep mei it fermogen om foargoed de wearden fan in oare groep

en de wize sa't dy himsels tsjin de wil fan de oar bestjoert, te feroarjen. Planteit ûndersyk lit sjen dat 'draachflak' it *gefolch* is fan de morele en ynstrumintele redenen dy't foar belied jûn wurde, dus dat draachflak gjin oanset foar belied foarmje kin. It lit ek sjen dat altyd machtsrelatearre diminsjes it ûnderwiis yn de minderheidstaal bepale, ynbegrepen de swirrichheden dy't de learkrêften sjogge, de ûnwilligens fan skoalbestjoeren en it foarbehâld fan âlden foar har doarpstaal oer. En it lit sjen dat oeral op 'e wrâld bewegingen dy't it ûnderwiis yn de memmetaal ophelpe wolle, winne, lykas yn Iran en Marokko, om't minsken faaks wol ree binne om har eigen idealen op te jaan, mar net dy fan har mem en heit en beppes en pakes.

Dus freget Sis Tsiis jo:

- jo by jo oardiel oer it beswier liede te litten troch mear as de simpele regels en de bedoeling fan it beswierskrift meiweagje te litten.
- yn jo ôfweging de rjochten fan de Fryske minderheid en syn frijheid fan ekspresje foar eagen te hâlden, ynbegrepen de frijheid om dat yn 'e eigen taal te dwaan, wat fuortsterkjen fan de taalbehearsking ûnderstelt likegoed as fan de mooglikheid om de eigen taal te brûken op skoalle.
- en dêrom de beliedsregel yn te lûken en it net ynstellen fan belied foar goed ûnderwiis yn it Frysk te feroardieljen; dus ûnderwiis yn de memmetaal as in minskerjocht te respektarjen en de ûnrjochtmjittigens fan net útfieren fan de minskerjochten ernst te nimmen.

Sis Tsiis